

It libben jout syn hichten en syn djipten.  
Gjin minske wit tefoaren wat it bringt.  
Wat is it goed om fan Gods geunst te witten,  
Dat elke dei Hy syn genede skinkt.

Hy tilt jim op en liedt jim op syn hichten,  
Hy tilt jim op ut stoarmen en fertriet.  
Syn sterke hân rêdt jim út alle djipten,  
Dan sjong jim mei Him it heechste liet.

Giet alles goed, dan falt it licht te sjongen.  
Jim blide klanken stige nei Gods troan.  
In nij begjin ha jim fan Him ûntfongen;  
Lis hert en siel mar yn syn sterke hân.

Mar swierrichheden sille jim ek beneare,  
It moed sjit fol, it hert is sa oerstrjoer.  
Ek dan wol God jim syn genede leare,  
Jim pine en muoite, jou it Him mar oer.

